

MOASJE

Wurklistpunt: 9. Kultuernota Ut de kûlizen

Underwerp: Kennis oer skiednis ûnder ynwenners gemeente fergrutsje

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op 25 novimber 2021

Konstatearjende

dat de skiednis fan Achtkarspelen op dit stuit te min bekend is ûnder in soad ynwenners.

Ropt it kolleezje op:

De kennis oer ús skiednis te fergrutsjen yn oparbeidzjen mei û.o. de Stichting Ald Achtkarspelen en it ûnderwiis troch bygelyks in lespakket foar legere en middelbere skoallen, in eksposysje op de doarpen te hâlden oer de hast 700 jier skiednis fan ús gemeente, in kanon fan Achtkarspelen ensfh.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Bring kultuer tichtby de minsken.
- 'Wa't de eigen skiednis net wit, begrypt heden noch takomst'.
- Bewustwurding fan de unike skiednis fan ús gemeente.
- Foar jong en âld.
- Nije oanwaaks foar ús histoaryske ferienings, skiednisskriuwers, keunstners, argivarissen ensfh.

FNP-Achtkarspelen,

Hr. T.O. Brinkman